

Snein 3 april 2016, Belutsen Peaske

lêzings: Lukas 24: 13-35 en Iepenbiering 7: 9-17

Gemeente fan 'e Hear,

Mei in part fan jimme stie ik hjir achttjin jier lyn ek. En wy wisten noch sa goed as neat fan elkoar. Mar wy hiene besletten, wy fielden ús roppen, elk op ús eigen manier, om meiinoar op dizze plakken, yn dizze doarpen, gemeente fan Kristus te wêzen. En sa't dy beide learlingen út Emmaüs geandewei en fierendewei elkoar ûntdieken en ûntdieken wat it is om by Jezus Kristus te hearren, sa hawwe wy dat ek, de dagen en de sneinen en de jierren lâns, mei elkoar ûntdekke mochten. De Skrift gie iepen, wy hawwe faninoar leard, wy hawwe doop en mienskip fierd, rou en trou mei elkoar dield, en al dy tiid wie Hy derby. Soms seagen wy Him, soms net. Dat is, wol 'k leauwe, meiinoar gemeente wêze.

No binne wy achttjin jier fierder, en wat is der in protte feroare. Minsken dy't derby kommen binne - en minsken dy't wy ferlern hawwe, oan it libben en ek oan 'e dea. Dizze beide gemeenten binne deselden net mear as doe. En de hiele tsjerke is de tsjerke net mear fan doe. De maatskippij is oars, de tiid is oars. Sa bot oars, dat wy ússels no fragen stelle moatte dêr't wy yn dy earste tiid noch gjin oan fan hiene. De fraach nei it byinoar kommen fan 'e gemeente, en sels de fraach nei it trochbestean fan 'e gemeente.

Under oare mei dy fragen yn 'e holle kaam ik by de lêzing út it boek Iepenbiering út. Net allinnich dêrom - it stik stiet ek op it lêstroaster foar in pear sneinen fierder, dat wa wit binne der kollega's dy't ek noch wat oan myn ideeën hawwe. Yn alle gefallen, mei it boek Iepenbiering tinke wy allegear al hiel gau oan 'e ein fan 'e wrâld. Mar it is sterk de fraach oft dat wol kloppet. It boek is skreaun foar in gemeente yn dy tiid, en dy gemeente siet net mei fragen oer de ein fan 'e wrâld. Nei alle gedachten giet it om 'e gemeente yn Jeruzalim yn it jier 69 of 70. Dy siet mei de fraach fan it eigen trochbestean, omdat der krêften wiene dy't dy gemeente bedrigen: opstân tsjin de Romeinen, en binnen dy opstân

in ynterne oarloch. Totale oarloch mei gjin inkelde kâns op ûntsnapping. Foar dy minsken de ein fan 'e wrâld. Al binne foar ús dy krêften folslein oars, ek wy fernimme grutte en sterke maatskiplike krêften. Krêften dy't de gemeente yn syn bestean bedriigje - net sa dramatysk, net sa gewelddiedich, net op libben en dea - mar dochs.

Dêrom is it neffens my goed om te sjen, wat it boek Iepenbiering, of alteast dit stikje, sa'n gemeente te sizzen hat. As it net langer fansels is, dat der yn in doarp in gemeente fan Jezus Kristus bliuwe sil - wat hat de Skrift ús dan te sizzen?

It alderearste is dan neffens my, dat wy nearne de wurden lêze, yn it hiele boek Iepenbiering net: It falt wol ta. De bedrigings binne echt en se binne sterk. Minsken dy't it werklik yn 'e holle hawwe om in mienskip fuort te reagjen, of krêften dy't dwaande binne om de struktueren dêr't wy net sûnder kinne te fermielen, dy hawwe it net yn har om samar te stopjen. En it fertriet en de rou, of sels de eangst dy't jin yn sokke sitewaasjes besette kin, dat wurdt ek serieuus nommen. Ek dêrfan wurdt net sein: It falt wol ta. Nee, jo kinne yn sitewaasjes bedarje dy't foar jo fiele as de ein fan 'e wrâld. De ein fan 'e wrâld sa't jo dy kenne is foar jo de ein fan 'e wrâld.

Mar dat is fansels lang alles net. Gelokkich net. Ek foar de minsken dy't har yn har bestean bedrige fielden yn sitewaasjes fan foar ús ûnfoarstelber geweld, hat Jehannes goed nijs bringe wollen. En it goede nijs is yn wêzen, dat in gemeente ferdwine kin, mar dat de tsjerke altyd bliuwt. Dêr sitte twa kanten oan. It iene is de kant fan de hiele wide wrâld. Wylst de gemeente yn Jeruzalim ûndergiet, skriuwt Jehannes yn haadstik 2 brieven oan sân oare gemeenten dy't net yn har bestean bedrige wurde. Sa leau ik, dat de namme fan Jezus Kristus nea fan 'e ierde ferdwine sil. En altyd sille der gemeenten wêze, lytse en faak tydlike ferbannen, dêr't dy namme beliden wurdt. Jezus sil de ierde net sûnder Evangeelje oerlevere litte.

Dat liket maklik sein, mar yn werklikheid is it foar net ien fan ús te befetsjen - dat der op miljoenen plakken minsken byinoar

komme, guon krekt as ús, guon mei folslein oare kultueren en talen, dy't gemeente binne. Dat der safolle ferskillende tsjerken binne, dat hat der ek mei te krijen dat ús befetsjen mar sa lyts is. It is domwei ûnmooglik om al dat ferskaat yn ien organisaasje te krijen, omdat it al net yn ús hollen past. Noch folle ûnbegryplicher is de oare kant, dat der yn it Ryk fan God - wêr ek en hoe ek en wannear ek - yn werklikheid mar ien tsjerke bestiet. By God is it ien grutte himelske earetsjinst, dêr't elk dy't leaut oan meidocht. Oft dat op dit stuit al sa is yn 'e himel, oft it hjir op ierde ferwerklike wurde sil om 'e jongste dei hinne, of dat God dêrfoar op 'en nij oan it skeppen moat - wy witte it net. Mar Jehannes hat it sjoen, en ik leau deryn. Ien grutte earetsjinst, ien grutte gemeente, dêr't alles wat ek mar yn 'e fierte tsjerke hjitte mei yn opnommen wurdt. Tolve kear tolve kear tûzen kear tûzen kear tûzen.

Dat folsleine, alles en iderien omfetsjende oantal, dat bestiet, sa lêze wy, út 'e minsken dy't folholden hawwe yn 'e grutte benearing, dy't har klean wytwsken hawwe yn it bloed fan it Laam. As der ien plak is dat dúdlik makket, dat jo de Bibel net altyd letterlik nimme kinne, dan is dit sa'n plak, want elk dy't it wolris pebearre hat, dy wit dat jo mei bloed de klean net skjinn krije. Lit stean fan wyt. Dus dizze tekst is altiten belutsen op 'e doop, of de belidenis, of it martelderskip, of de bekearing - neam it allegear mar op. Mar ik moat altyd tinke oan dy iene tekst fan dy kening, dy jout in hiel grut feest en dy sprekt de besikers oan op har klean. Wat dochsto hjir sûnder feestklean? Sûnder skjinne en wite klean, de feestkleur fan 'e tsjerke by útstek? Dy klean binne de dieden, dwaan en litten, hâlden en dragen fan de minsken dy't leauwe. Dat neffens my bestiet dat folsleine oantal út alle minsken, dy't har net ôfbringe litten hawwe fan 'e libbenswize dy't it leauwen yn Jezus fan harren frege. In gemeente kinne jo ferniele. Mar in minske hâldt altyd in stikje binnenyn himsels, harsels, dêr kin in oar net by komme. Dat stikje, dêr giet it hjir neffens my om. Dat stikje dêr't jo sels baas oer binne - wat dogge jo dêrmei.

Lit ús dat ommers net ferjitte, gemeente: yn 'e tiid dat Jehannes skriuwt wie it al fierhinne bekend oft ien by Jezus hearde of net. Dat koe men oan ien sjen. Der wiene dingen, dy diene alle

oare al en kristenminskens net, en oarsom. En dat is ien fan 'e saken dy't my driuwt ta de stúdzje fan dy âlde tsjerke: wat wie dat presys? Want ik bin derfan oertsjûge, dat wy dêrnei op syk moatte foar ússels. As it net dúdlik is wat it ferskil is tusken in kristen en ien dy't dat net is, dan is der gjin inkelde reden mear foar minskens om by in tsjerke. En dat ferskil moat te sjen wêze yn dingen dy't jo dogge, en dy't jo net dogge.

En dat is foar myn gefoel de tredde treast. Dat jo, ek as in gemeente ôfbrutsen wurdt troch krêften dy't grutter binne as jinnes, dat elk fan ús dan in stikje oerhâldt, dat kin ús net ôfnommen wurde en dêrmei kinne wy ús Hear belide. Wy besykje dat te ûntdekken en te bewarjen en oan elkoar troch te jaan yn ierdske ferbannen lykas in gemeente. Mar as minskens komme wy ien foar ien, as skiep dy't elk apart teld wurde, yn 'e himelske tsjerke. En al ús persoanlik dwaan en litten, mar ek ús fielen en ús freugde, ús skriemen en ús triennen - it wurdt dêr sjoen en wol opmurken.

Dêrom, leave en bêste minskens fan Burchwert en Hartwert en Hichtum, fan Lollum en fan Waaksens en fan fier dêromhinne: dat hat my altyd oerein holden. Myn wurk wie mar gemeentewurk, en gemeentewurk is minskewurk. Mar wysels binne it wurk fan God. Wat minskens opboud hawwe, kin ôfbrutsen wurde en sil ien dei ôfbrutsen wurde. Mar it bouwurk fan Gods hannen krijt foar ivich plak en syn gerak.

Amen.

*Moai dat jo derby wiene!*

*Moai dat jimme derby wiene!*

*Moai datsto derby wiest!*

*Frede en alle goeds,*